

Feriening Freonen fan Omrop Fryslân

Konsept Húshâldlik Reglemint

Kêst 1 – Algemiene bepalingen

1. De feriening mei de namme Feriening Freonen fan Omrop Fryslân, hjirnei te neamen 'de feriening' is by notariële akte oprjochte op fiif en tweintich novimber njoggentjinhûndert en ien en tachtich en is fêstige yn Ljouwert.
2. It húshâldlik reglemint is fan tapassing yn ûnferbreklike gearhing mei de statuten fan de feriening, lykas dy wizige binne en alhiel op en nij fêststeld by notariële akte op trije en tweintich april twatûzen njoggentjin.

Kêst 2 – Leden

De feriening bestiet út:

1. Leden.
2. De gegevens fan de lede-administraasje stean op in befeilige, eksterne server. It behear is yn hannen fan de ponghâlder en de sekretaris.
3. Fan ôf 1 jannewaris 2027 fynt de korrespondinsje mei nije leden fia de mail plak.

Kêst 3 – Kontribúsje

1. De leden binne alle jierren holden ta it beteljen fan in kontribúsje, dy't troch de Algemiene Gearkomste alle jierren fêststeld wurde sil.
2. It bedrach fan de kontribúsje wurdt mei yngong fan 1 jannewaris 2027 op minimaal € 10,00 it jier steld.
3. Wannear't it lidmaatskip yn 'e rin fan in ferieningsjier einiget, bliuwt likegoed de kontribúsje foar it hiele jier ferskuldige.

Kêst 4 – Bestjoer

1. It bestjoer bestiet út in foarsitter, in sekretaris, in ponghâlder en op syn meast fjouwer algemiene leden, dy't allegear mearderjierrich wêze moatte.
2. Under de ferantwurdlikens fan it bestjoer falt, mei behâld fan itjinge dat bepaald is yn de karbrief, it húshâldlik reglemint of oare regleminten:
 - a. De algemiene lieding fan saken;
 - b. De útfiering fan de besluten dy't troch de Algemiene Ledegearkomste nommen is;
 - c. It tafersjoch op it neilibjen fan de karbrief en regleminten;
 - d. Bedriuwen en persoanen dy't tydlik ynhierd wurde om wurksumheden foar de feriening te dwaan;
3. It bestjoer komt op syn minst 5 kear jiers gear neffens in yn it foar fêststeld roaster. Dêrby komt it bestjoer sa faak gear as de foarsitter of op syn minst 4 leden fan it bestjoer dat winskje.
4. In oprop foar in gearkomste moat minimaal 48 oeren foar it begjin fan de gearkomste yn it besit fan de bestjoersleden wêze, wylst in gearkomste op fersyk fan bestjoersleden binnen maksimaal ien wike belein wurde moat.

5. In bestjoersgearkomste hat it foech ta besluten as de mearderheid fan de bestjoersleden fysyk of online oanwêzich is. Oer persoanen wurdt skriftlik stimd, wylst oer saken mûnling stimd wurde kin. Besluten wurde by mearderheid fan jildige stimmen nommen.

6. As by in stimming oer saken de stimmen stake, dan wurdt it foarstel achte fersmiten te wêzen. Hat by in stimming oer persoanen by de earste stimming nimmen de mearderheid fan de útbrochte jildige stimmen krigen, dan fynt in werstimming plak oer de persoanen, dy't de measte of sa nedich op ien nei de measte stimmen op him feriene hawwe. By werstimming beslist it grutste tal stimmen. As by de werstimming de stimmen stake, dan moat de útkomst troch middel fan lotting bepaald wurde.

7. As in bestjoerslid bûten it reguliere oerlis in oerlis mei treden hat oer in ûnderwerp, dat fan belang is foar de oare leden, wurdt in ferslach dêrfan fuortendaliks nei dat oerlis fia de mail mei harren dield.

8. Nei it ferstriken fan de sittingstermyn fan in bestjoerder wurdt oan de leden fan de Freonen in fakatuere foar dizze funksje foarlein. As him, nei dêr twa kear ta in skriftlike oprop yn de Nijsbrief set te hawwen, him dêrfoar gjinien beskikber steld hat, sil oan de fuortgeande bestjoerder frege wurde om noch foar maksimaal trije jier yn funksje te bliuwen.

Kêst 5 – Deistich bestjoer en har taken en foegen

1. De foarsitter, de sekretaris en de ponghâlder foarmje it deistich bestjoer. It deistich bestjoer nimt alle besluten hokker net ta in gewoane bestjoersgearkomste útsteld wurde kinne. Dy besluten wurde nommen, neidat dy fia in online gearkomste mei de oare leden fan it bestjoer ôfstimd binne, foarsafier't dy oan de online gearkomste dielnimme kinne.

2. It deistich bestjoer dielt syn besluten op de earstfolgjende bestjoersgearkomste mei om se te bekrêftigjen.

3. Taken fan de foarsitter:

- a. Jout lieding oan en hâldt tafersjoch op it hiele ferieningslibben;
- b. Is by alle offisjele fertsjintwurdigingen de wurdfierder of sy/hy moat dy taak oan in oar bestjoerslid oerdroegen hawwe;

4. Taken fan de sekretaris:

- a. Fiert de korrespondinsje út namme fan en yn oerlis mei it bestjoer, ûndertekenet alle fan har/him útgeande stikken, is ferplichte ôfskriften derfan te hâlden en dy lykas de ynkommen stikken te bewarjen;
- b. Hat it behear oer it argyf en is oanspraaklik foar guod dat har/him fan ferienings wegen tabetroud is;
- c. Soarget foar it gearroppen fan gearkomsten;
- d. Soarget foar bekendmakkings fan feroaringen of oanfollingen yn de statuten en regleminten;

5. Taken fan de ponghâlder:

- a. Beheart de jilden fan de feriening;

- b. Soarget foar it ynbarren fan it jild, dat oan de feriening ta komt en soarget foar alle útjeften dy't troch it bestjoer en de algemiene gearkomste goedkarre binne;
- c. Hâldt boek fan alle ynkomsten en útjeften;
- d. Docht de digitale briefwiksel, foarsafier't dy te krijen hat op de útfiering fan de yn de foargeande leden fan dit artikel neamde taken, ûndertekenet alle fan him útgeande digitale stikken, is ferplichte digitale ôfskriften te hâlden en dy, lykas ek de digitale stikken dy't op de útfiering fan earder neamde taken betrekking hawwe te bewarjen;
- e. Bringt yn de algemiene gearkomste ferslach út fan de finansjele tastân en leit dêrby de balâns oer en de steat fan baten en lêsten mei taljochting oer it ôfrûne ferieningsjier.

Kêst 6 – Beslútfoarming

Beslútfoarming bart by gewoane mearderheid, as de stimmen stake jout de stim fan de foarsitter de trochslach, útsein yn de gefallen dêr't de statuten in oare mearderheid foarskriuwe.

Kêst 7 – Notulen gearkomsten

1. Fan elke gearkomste wurdt in konsept ferslach (mei fuortgong list) makke, dat sa gau mooglik nei de gearkomste ferspraat wurdt ûnder de bestjoersleden.
2. It opsteld konsept ferslach wurdt op de earstfolgjende gearkomste besprutsen en fêststeld.

Kêst 8 – Begrutting

1. Der wurdt gjin begrutting opmakke.
2. It budzjet foar Omrop Fryslân wurdt per projekt besjoen.

Kêst 9 – Unkostefergoeding Bestjoer

1. It deistich bestjoer krijt jierliks in frijwilligers fergoeding.
2. Bestjoersleden binne berjochtige privee diene of foarsketten útjeften en de ferriden kilometers te deklarearjen.
3. Bestjoersleden kinne ferbliuwskosten nei reedlikens deklarearje. Dit wurdt troch it bestjoer bepaald.
4. It bestjoer hat ien kear yn it jier in gearkomste yn in eksterne lokaliteit en iet dêr it waarm miel op kosten fan de feriening.

Kêst 10 - it Argyf

It argyf fan de feriening is ûnderbrocht by Tresoar yn Ljouwert en Omrop Fryslân en is digitaal opslein op de server fan Omrop Fryslân.

Kêst 11 – Unferienichberheden, belange ferminging en tsjinstridich belang

- 1.** Binnen it bestjoer meie gjin nauwe famylje - of ferlykbere relaasjes bestean.
- 2.** It bestjoer moat him ynteger en transparant opstelle en weitsje foar ferminging fan belangen. It bestjoer befoarderet yn dat ferbân in iepen kultuer fan beried, beslútfoarming en ferantwurdning.
- 3.** Fan tsjinstridich belang is sprake wannear't in belutsen persoan te krijen hat mei sa'n ûnferienichber belang dat yn reedlikens betwivele wurde kin oft er him by syn hanneljen inkeld lieden hat troch it belang fan'e feriening. By it beäntwurdzjen fan de fraach oft hjir sprake fan is, moat mei alle relevante omstannichheden fan it konkrete gefal rekken hâlden wurde.
- 4.** Under belange ferminging wurdt ferstien: in ferminging fan it belang fan de feriening mei it (persoanlik) belang fan de belutsen persoan of dat fan persoanen dêr't hja in famylje of ferlykbere relaasje mei ha wêrtroch't in suver en objektyf besluten of hanneljen yn it belang fan de feriening net langer mei garandearre is.
- 5.** As it bestjoer fan betinken is dat sprake is fan in struktureel tsjinstridich belang en/of ferminging fan belangen dy't fan materiële betsjutting binne foar de feriening, moat it belutsen bestjoerslid ôfgean.
- 6.** As it bestjoer konkludearret dat in bestjoerslid in mei de feriening ynsidinteel tsjinstridich belang hat of sprake is fan in foar de feriening net-winske (skyn fan) ferminging fan belangen oars, jildt yn oanfolling op de Karbrief it neikommende:
 - a. alle eventuele hannelingen wêrby't sprake is fan in tsjinstridich belang of net-winske (skyn fan belangen) ferminging wurde tsjin merke kondysjes oerienkaam.
 - b. yn it bestjoer ferslach (jierferslach) wurdt oer dy hannelingen ferantwurdning ôflein.

Kêst 12 – Kaskommisje

- 1.** Konfoarm kêst 12 lid 1d fan de statuten wurde troch de Algemiene Ledegearkomste de leden fan de kaskommisje beneamd.
- 2.** De kaskommisje bestiet út twa leden en ien reserve lid. De leden sitte maksimaal twa jier yn de kommisje en gean om bar ôf.
- 3.** De kaskommisje hâldt tafersjoch op it behear fan de ponghâlder. Hja is holden op syn minst ien kear jiers de kas, de saldy, de boeken en beskieden fan de ponghâlder nei te sjen. Fan de útkomst fan dit ûndersyk wurdt ferslach útbrocht oan it bestjoer en de algemiene ledegearkomste.
- 4.** As de kaskommisje termen oanwêzich achtet om it bestjoer te desjarzjearen, sille sy in útstel dwaan oan 'e algemiene gearkomste. De kaskommisje hat it foech om oan it bestjoer útstellen oangeande it finansjele behear te dwaan.

Kêst 13 – Feroaring fan it húshâldlik reglemint

- 1.** It húshâldlik reglemint kin allinnich feroare wurde troch in beslút fan de Algemiene Ledegearkomste, dêr't ta oproppen waard mei de meidieling dat dêr feroaring fan it húshâldlik reglemint foarsteld wurde sil. De termyn foar it oproppen ta in sa'n gearkomste moat op syn minst 14 dagen wêze.
- 2.** De foarstelde feroaring fan it húshâldlik reglemint wurdt op syn minst 14 dagen foar de gearkomste yn de Nijsbrief publisearre en/of in ôfskrift dêrfan oan alle leden tastjoerd of mailt.
- 3.** Foar in feroaring fan it húshâldlik reglemint is in beslút nedich fan de Algemiene Ledegearkomste. Dat beslút moat nommen wêze mei op syn minst twa/tredde fan de jildige stimmen yn de gearkomste, likefolle hoefolle leden as der by oanwêzich binne.

Kêst 14 – Slotbepaling

- 1.** Elk lid en ferienings orgaan hat him te hâlden oan de bepalingen fan dit reglemint.
- 2.** Alle gefallen wêryn de wet, de statuten en dit húshâldlik reglemint net foarsjocht, beslút it bestjoer of de foarsitter.
- 3.** In aktuele ferzje fan it húshâldlik reglemint is te finen en te downloaden fia de side fan de feriening op Omrop Fryslân → Freonen fan Omrop Fryslân . Wizigingen wurde fuortendaliks bekend makke.

Sa fêststeld yn de Algemiene Ledegearkomste fan de feriening
op.....
te.....

Ut namme fan it bestjoer fan de feriening:

De foarsitter:

De sekretaris: